

—

André Looijenga

Godlik ljocht

—

Ljocht spilet yn guon Fryske poëzij in haadrol. It sil eins gjin nij dwaan dat dat benammen poëzij is mei in dúdlik kristlike eftergrûn. Ien fan de ynfloedrykste kristlike kaaiteksten is ommers dizze lykstelling fan Ljocht oan it Wurd en oan God:

It begjin fan alles wie it Wurd, en it Wurd wie by God, en it Wurd wie God. Dat wie by God it begjin. Alles is dêrtroch wurden en dêrbûten is neat wurden. Wat wurden is, wie libben yn, en it libben wie it ljocht fan 'e minsken. En it ljocht skynt yn 'e tsjusternis, en de tsjusternis hat it net opnommen. (...) Dat wie it wiere ljocht, dat elts minske ferljochtet en stie te kommen yn 'e wrâld. (Joh. 1: 1-5, 9; yn de oersetting fan W.J. Buma c.s.)

21

Dit essay giet oer 'ljocht' yn kristlik ynspirearre Fryske poëzij. De oanlieding binne de resintste en de âldste Fryske dichtbondel mei 'ljocht' yn de titel: Eppie Dam syn *Fallend ljocht* (2014), en *It Ljocht* fan T.P. Klimstra (1880). Ik behein my ta dy twa boeken. Ik sil it hawwe oer it grutte ferskil yn religieuze ynspiraasje: by in ûnbekende rurale *angry young man* dy't in grifformearde oan it wurden wie, en by in hjoeddeiske 'post-grifformearde' mar wol tsjerkske dichter fan namme. It wurd 'ljocht' brûk ik as in bûslampe by it resinsearjen fan Eppie Dam syn fersen.

Yn 1880 ferskynde yn Dokkum in hiel behindich boekje mei rjochts in Nederlânske, lofts in Fryske titel. Oan de Fryske side stiet der: *It Ljocht. Dichtstik yn 't Boerefries fan T.P. Klimstra te Lioessens, mei in oersetting yn it Hollons troch J. de Jong, te Aestrum, foarhinne te Ysselmonde*. Op de loftersiden stiet de Fryske tekst mei dêrtsjinoer de oersetting. Oan it gedicht foarôf giet in Nederlânsktalige ynlieding fan J. de Jong, datearre: Oostrum, 28 Augustus 1880. De auteur wie Taeke Pieters Klimstra (1858-1945), dy't warber wie yn it fermidden fan rjochtsinnich-protestantske jongerein. Hy waard gernier by Wierum en lei him dêrneist ta op it ynstallearjen en ûnderhâlden fan oargels. Yn 1887 wie

er mei-oprjochter fan de Grifformearde Tsjerke yn Mitselwier. Op 'en doer koe er libje fan syn kennis op it mêd fan oargels, harmoaniums en piano's, en sette er him yn it doarp Mitselwier te wenjen. Dat jo wierskynlik nea fan T.P. Klimstra heard hiene, is net frjemd: nei syn jeugdich debút *It Ljocht* hat er neat mear publisearre.

De oersetter en ynlieder fan *It Ljocht* wie ds. Jan de Jong (1836-1885), dûmny yn Eastrum. De Jong meldt dat er op it gedicht attendearre waard troch syn kollega Jenne Langhout (1848-1908) fan Eanjum, dy't him ta ien fan de foaroanmannen fan de Doleânsje ûntjaan soe. De Jong ferdigenet yn de earste sin fan syn ynliding dat it Frysk in eigen taal is en mear fan Nederlânsk ferskilt as Nederlânsk fan Dútsk, en stelt fêst dat der yn de ôfrûne desennia in nije eigen Fryske literatuer opkommen is. Hy wie dêr dúdlik fan op 'e hichte: De Jong kin it wurk fan de Halbertsma's en hat benammen wurdearring foar Waling Dykstra (dy't er 'geniaal' neamt). Foar de dan besteande Fryske literatuer ('rationalistich', 'plat dikwijls', 'geestigheid zonder geestelijke volheid') oer set De Jong wat neffens him fernijend is oan Klimstra:

De dichter Klimstra heeft van al de bovengenoemde deugden iets, en hem ontbreekt zekere meesterschap over den vorm niet, al staat hij (ook daarin) niet met Waling Dykstra gelijk; maar *hij is onder een ander gesternte geboren*: Hij dicht uit aandrift, en uit liefde voor het Christendom. (s. 6)

22

Klimstra syn gedicht is in polemyk op rym oer de doe aktuële Skoalstriid. De jonge Ljussemmer dichter is hjiryn in meistanner fan Abraham Kuyper, lykas syn gehoar dat er oantrúnt ta (finansjele) stipe oan de Skoallen mei de Bibel. (Neffens in advertinsje fan de Vereeniging voor Chr. Nat. School Onderwijs, yn *De Standaard* fan 1 april 1880, hie Klimstra sels ek in jierlikse donasje fan f 5 dien.) De dichter syn 'ik' oan it begjin fan it gedicht is dat fan in 'domme boer' dy't fanneed yn it Frysk dichtet om't er gjin talen kin: in âld topos yn Fryske gelegenheidsfersen dat yn it lêste fearn fan de 19e ieu net bot by de tiid liket. Syn ûnderwerp is 'it Ljocht', oftewol 'Gods Wurd' (sj. û.o. Joh. 1):

T is in stikje oer it *Ljocht*,
Dat uus loân olleer bestraalde,
Fan in ljocht op 's libbens wei,
Det min oos sa licht foâdwaalde:
T Ljocht dat uus oenmisber is
Dat is *Gods getugenis*.
(s. 10)

De dichter rimet oer hoe't Luther yn 'e striid mei de paus de Bibel wer foar it

ljocht brocht en hoe't letter de moderne teologen it Wurd fertsjusteren. Hy ferbynt dêrmei de delbûgjende hâlding fan de liberalen (it 'tinkend deel der nasje', s. 22) tsjinoer de 'finen', de wet tsjin kristlike skoallen út 1857 en de nije skoalwet fan de liberale earste minister Kappeyne van de Coppello (1877-1879). Jo hoege it mei Klimstra net iens te wêzen om niget te hawwen oan syn talint foar fûleinige polemyk yn folksaardich Frysk. Bygelyks wannear't er de 'ferljochting' retoarysk omkeart ta 'fertsjustering':

Want sij kêapen frjemde brullen:
'T Biibelljocht wie har te glêan
In it skym're har foar de êagen
Nimmen koe Gods wud festêan:
Mei dy brullen wudde de êagen
Nou fan grêat in lyts bedoon.
In sij sjogge, mei har bentsjes,
Nou har sels foar apen oon.
(s. 18)

By de fermelding fan de 'apen' stiet in satiryske fuotnoat wêryn't er de evolúsjear begekkt. Klimstra syn stavering is rûch en sit ticht tsjin it Noardeastlike dialekt (bgl. *wjit = wie it*) oan: men lêst der hjir en dêr suver Tr. Riemersma al yn werom... Noch de stavering, noch de útsprutsen konfesjonele tendins foelen yn it Fryskskriuwende wrâldsje fan doe yn de smaak, nim ik oan.

Taeke Klimstra wie in dichter foar wa't it kristlik boadskip boppe alles in polityk striidliet wie. De ynhâld fan it 'Ljocht' krijt eins syn gerak net. In soad God en 'Biibel': in aardichheid om te lêzen oars, mar 'echte' religieuze poëzij kin ik it kwalik neame.

Dat ik mei dizze jeugdsûnde fan in East-Dongeradielster oargelmakker de ferline jier ferskynde bondel fan Eppie Dam ferlykje, liket fansels op fleanen...

Fallend ljocht is de fyftjinde dichtbondel fan Dam (*1953). Dêrmeist is er de auteur fan in grut tal berneboeken, tsjerklike lieten, ferhalebondels, biografyen. Hoewol't de kritisy earder wolris wat ûngelyk oer syn oeuvre oardield hawwe, stiet bûten twivel dat Eppie Dam in master ûnder de Fryske dichters fan dit momint is.

It walnútfoarmige printsje op it omkaft fan *Fallend ljocht* makket dat men de bondel fuort lêst út it perspektyf wei dat Dam ligt oan de Sykte fan Huntington, in erflike en ûngenêslige harsensykte. It earste fan de fjouwer skiften fan de bondel, 'Griis gebiet', bestiet út gedichten dy't oer dizze yngripende sykte geane. Foar in part binne it foarmfêste rymjende fersen, mei gauris wat in stikeljende satiryske toan. Inkeltris sit der in lulke rigel tusken dy't wat by

it banale ôf is, mar tagelyk binne der ek oangripend sterke rigels, lykas at er oer de oankundige him oantsjinjende sykte droechwei skriuwt: 'Menear nef-fens ôfspraak ûntfongen.' (s. 7) Mei it wat wikseljende, tipelige fan de gedichten yn dit skift byldet de dichter faaks bewust de symptoamen fan Huntington út: pasjinten hawwe harren bewegings net mear ûnder kontrôle, reitsje út lykwicht (en úteinlik reitsje se demint). Dit tragyske syktebyld komt nei foarren yn de fersen wêryn't Dam betinkt hoe't syn pake, omke en mem (s. 14-16) him foargien binne as Huntington-pasjinten. De ûngenêslige sykte yn de harsens hat yndie in enorme ympekt, mar de dichter giet it ferset dertsjin oan dat de harsens it lêste wurd hawwe soene, yn in stikelich sonnet (s. 13) tsjin neurology-popularisator Dick Swaab (*Wij zijn ons brein*, 2012).

'Fallend ljocht' hjit it twadde skift; dêroer letter mear. It tredde skift, 'De reis, it doek', befettet op it each ôf benammen gelegenheidspoëzij. It binne meastepart gedichten nei oanlieding fan skilderijen en oer ferstoarne freonen en famylje (en de jongferstoarne Russyske dichter Boris Ryzji (1974-2001)). Der sit lykwols ek in boartlik felisitaasjefers oan Jacobus Q. Smink tusken. It skift slút ôf mei in 'Slotgebed', dat yn foarm en tematyk foarútrint op de dêropfolgjende Miłosz-ferfryskings en wêryn't de dichter syn eigen ambiguë ferstânhâlding mei de kristlike God ûnder wurden bringt. Dam brûkt yn dit lange fers ienris it wurd 'ljocht', as metafoar foar de tradisjonele religy dy't foar de 'ik' problematysk wurden is: "k Lis foar Jo del de betizing fan dûbele tiid, / dy't wat ik seach as heechste ljocht fertroebele," (s. 50)

'Net út eangst foar de dea' is it fjirde skift. Dizze gedichten binne oersettings út Czesław Miłosz (1911-2004) syn lette bondel *Traktat teologiczny* (2001). Net streekrjocht út it Poalsk, mar nei de Nederlânske oersetting fan Gerard Rasch (2006). Dam hat in romme seleksje út 'e bondel fan Miłosz makke; men freget jin suver ôf: wêrom hat er gedichten 8, 11, 12 en 13 út it 23 fersen tellend orizjineel eins oerslein? – Miłosz skreau oan 'e ein fan syn lange libben oer syn twaspjaltige ferhâlding ta it Poalske tradisjonele Roomske leauwe. Hy hold him dêrby yn it bysûnder dwaande mei teologyske en mystike spekulaaasje oer wat der foar de skepping wie (der wurdt ferwiisd nei Swedenborg en Jakob Böhme), mei de sûndefal en mei wat nei de dea komt. De titel fan it skift komt út it earste gedicht fan de syklus; it wjersprekt eins ek in klisjeemjittich rasjonalisearjende fizio op religy: dat godstsjinst fuortkomme soe út eangst foar it stjerren. Miłosz docht bewust mei oan tsjerke, en is mei dy hâlding in foarbyld foar Dam: '... ik sjong mei / en oerwin op dy manier de tsjinstelling / tusken myn privee-godstsjinst en de godstsjinst fan it ritueel.' (s. 73)

Hoe faak stiet it wurd 'ljocht' yn *Fallend ljocht*? – Ynklysyf gearstallings is dat: ien kear yn it skift 'Griis gebiet', tsien kear yn it skift 'Fallend ljocht', fiifris yn 'De reis, it doek', twa kear yn 'Net út eangst foar de dea'. Dat liket keale statis-

tyk, mar 'ljocht' is in kearnbegryp yn Eppie Dam syn persoanlike teology. De earste kear yn de hiele bondel dat it wurd falt, is op de ien-nei-lêste side fan it earste skift, as oan 'e ein fan it prachtige lange dream/fisioeneftige fers 'Fisk yn 'e arke' de doar nei it paradys sletten wurdt, mar de himel iepenbrekt:

doe klapte in ingel
ferjamme gods tûnstekje ticht
mar in roldoar kaam iepen
al knappend omheech en wiid as de see
ûntflamme yn blidens it ljocht
fan 't begjinnend er zij
as in readgleon berjocht
yn 't ferlossende u i t r i j d e n op
en skynde bûten de sinne
(s. 20)

Ik haw oanstriid om dizze iepening te lêzen as in befrijing út de prakkesaasjes oer de harsensykte. It ljocht dat hjir flammet, is in godlik ljocht dêr't de minske foar in part diel oan hawwe kin. It is bygelyks it ljocht dat nei binnen falt troch it rût fan in âlde tsjerke. Sa falt it binnen yn it earste gedicht fan it twadde skift: 'Sjoch de tsjerke'. Dit gedicht is neffens de strakke foarm en ek it rynsk brûken fan metafoar in typysk foarbyld fan in modern post-dogmatysk gesang. En dat is hiel spitich, omdat de pastorale neiging ta boartsjen mei klisjee-útdrukkings ('minsken fan in kâlde kermis', en in fariaasje op 'oan 'e ein fan syn Latyn') de poëzij tsjok ûndersnije lit. Mei in deeglike meldij derûnder lit it him grif sjonge, mar de tekst bliuwt hingjen yn goeie bedoelings, mear net:

Ljochtfal troch de hege ruten
jit it hert fol sinneskyn;
strieljend wurd op âld kateder,
oan 't begjin fan nij latyn,
iepent eagen, iepent finsters,
wol al gau de wrâld wer yn.
(s. 24)

Mar it byld stiet: ljochtfal troch it tsjerkefinster, yn ferbining mei it âlde Wurd. Faaks giet it hjirom: dizze erfaring fan Ljocht as in nije, uterste, estetyske ynfolling fan it eardere leauwe? Religieuze belibbing rekket oan de soarch foar kultuerhistoarysk erfgoed: it ljocht skynt binnen yn de midsieuske tsjerken fan Westergeast, Rinsumageast en Hantumhuzen, op de broazeljende muor-

re fan Wetsens, fierderop strielet it oan 'e seedyk om de tuorren fan Holwert en Wierum. De dichter toant him in fynpriuer fan smelle romaanske rútsjes (al binne dit meast rekonstruksjes troch 20e-ieuske arsjitekten). De troch de ieuwen hinne dramatysk ferboude tsjerke fan Wetsens wurdt besongen yn 'Hantaasten fan sinne', dat it hôf op 'e terp ferbynt mei it paradys en alle ljocht sûnt de skepping as ien gehiel foarstelt:

As muorren oantaast wurde moatte,
lit it dan wêze fan 't blinderse ljocht
dat troch de earste beammen spatte,
út Eden wei syn wegen socht –
trou ljocht, troch alle ieuwen gien,
as nij beskreaun op âlde stien.
(s. 26)

26

Fierderop hjit it 'blinkend ljocht' (s. 27), 'eachferblindend ljocht' (s. 28), 'grut libbensljocht' (s. 29). Mar dan folgje in pear fersen wêryn't it ljocht nêr neamd wurdt. De dichter draait yn it lêste gedicht fan dit skift (it titelgedicht) 'ljochtfal' om ta 'fallend ljocht', en fan godlik wurd/mystearje/iepenbiering keare wy werom nei de minske. De minske is in lyts stikje ljocht, in bytsje skaad (sj. Psalm 39:7, 'In skaadbyld suver allyk wannelt de minske om...'), dat 'falt'. En mei dat 'fallen' sil it tagelyk gean om de ein fan it libben, om de sûndefal, mooglik sels it fallen fan de Huntington-pasjint, en dat yn krekt sa'n byld as it filtere sinneljocht op 'e tsjerkemuorre op it hôf yn Wetsens:

Wat is in mins? In fallend ljocht.
In plúske delsaaid op it fjild.
In skaad dat yn in ommesjoch
oer beammegrien en muorren fljocht.
(s. 32)

Yn it tredde skift, 'De reis, it doek', komt earst in tal doeken oan 'e oarder. Eppie Dam begjint mei fjouwer gedichten by skilderijen fan (û.o. dichter) R.R. van der Leest by gedichten fan H. Marsman. Dan komt 'Mystearje fan 'e klaai' dat ynspirearre is troch it monumintale wurk *Das Abendmahl* fan Sjoerd Janzen (1955-2006), in yn New York en Berlyn wurksume Fryske skilder dy't net âld wurden is. Janzen wurke yn swart, wyt en griistinten. It ljocht skynt yn it swart fan de klaai. De religieuze tematyk yn it fers liket goed te passen by it wurk en de ynspiraasje fan Janzen; mei dêrby de foarútwizing nei de dea, in echte Dam:

Hij seach ljocht yn 'e omploegje eker,

dy't him ta djipte en skittering wie;
preau oan 'e modder brea en beker,
de wei nei swart, dy't ûnomkearber wie.
(s. 38)

Yn *Fallend ljocht* hat Eppie Dam mei grutte technyske feardigens djipsinnige poëzij skreaun dy't maklik lêst. Hy behearsket in ferskaat oan foarmen en toanen: liturgysk, yntym, mar ek licht en spotsk. Hoewol inkeldris wat té maklik retoarysk, hat Dam oer universele minsklike tema's (sykte, dea, religieuze twivel) echt wat te sizzen yn fersen, yn in bondel dy't er yntelligint komponearre hat. Kristlike motiven, lykas ljocht, brûkt Dam op in wize dy't de besjutting fan dizze ambiguë motiven oereinhâldt en útwreidet yn in hieltyd mear post-kristlike kontekst.

Eppie Dam
Fallend ljocht
Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2014
ISBN 978 90 330 0453 7
Ferkeappriis: €15

T.P. Klimstra
It Ljocht. Dichtstik yn 't Boerefries
J. Kromsigt, Dockum 1880